

## Geoffrey Chaucer (sa. 1343-1400) – The Canterbury Tales – Kenterboarger Teltsjes

Oersetting út it Midingelsk wei yn it Frysk: Klaas Bruinsma  
 Omstaverjen, digitalisearjen en publikaasje (op it ynternet):  
 Sytze T. Hiemstra, Drachten, 2012  
 © Klaas Bruinsma, Drachten, 2012

### It teltsje fan de mûnder (The miller's tale)

- 1 \* Te Oxford wenne lang ferlyn in knevel  
 dy't gasten hie op 't miel, in rike skevel,  
 en timmerman dat wied er fan syn fak.  
 In earm studint hie by him rak en dak.
- 5 Hy learde keunst, mar hiel syn fantasy  
 trachte nei 't learen fan astrology.  
 Hy koe yn guon problemen útslach jaan,  
 mei sneup en ûndersyk útwizing dwaan,  
 as men by tiden fan him witte woe,
- 10 wannear't men droecht' of wiette krije soe,  
 of as men frege dat er jin ferklearre  
 hoe't eat betearde – 'k neam 't allegearre.  
 Dy feint waard neamd 'aardige Nikolaas'.  
 Yn bline leafd' en wille wie 't in baas,
- 15 in mûske, liep, fyn ynlein en beslipe,  
 dy't sêft en sedich as de famkes kipe.  
 De keamer dy't er yn dat kosthûs hie,  
 wie foar himsels; gjint dy't him selskip die –  
 mei swiete krûden o sa kreas fersierd.
- 20 Hysels wie as de woartel wol sa swiet  
 fan swieteprikke, of as snipelkoeken.  
 \* Syn *Almagest*, syn grut' en lytse boeken,  
 syn stjerrekiker, longrjend nei it fak,

- \* syn rekkenstiennen leinen kreas te plak  
 25 op planken oan it hollenein fan 't bêd.  
 In rûch read foarkleed diek syn kammenet.  
 En boppe-oan dêr lei it spylark blij.  
 Jûns spil' er dêrop mannige meldij,  
 sa swiet dat hiel de keamer wie fol klang,
- 30 \* en *Angelus ad Virginem* syn sang,  
 \* en dêrnei song er Kening Willems wize;  
 syn bliere kiel waard faken seing' en prize.  
 Sa koe dy skoandre feint syn tiid útsjonge  
 neffens syn freone' jeften en syn ponge.
- 35 De timmerman hie koartlyn troud in wiif,  
 dat er mear leave as syn eigen liif.  
 Mar achttjin jier wie d' âldens fan de frou.  
 Hy wie jaloersk en hold har yn de kou,  
 want hja wie wyld en jong, en hy wie âld
- 40 en tocht, syn wiif sloech mei de trou de spot.  
 \* Syn geast wie rûch en hy koe Cato net,  
 dy't hiet: "Trou jins gelikens, sa't it heart.  
 Manlju moatt' trouwe sa't har stân en peil is,  
 want jongerein en jeld binn' gauris deilis."
- 45 Mar om't hy foel yn dizze strûpe en lage,  
 moast er, as oare lju, syn leedzje drage.  
 Tsjep wie dit jonge wyfke; boppedien  
 har lea allyk in weesling kein en klien.  
 Hja droech in siden mulbân, strek' yn balken.
- 50 In skerteldoek sa wyt as moarntiidsmolke  
 siet om har heupen en hie mannich geare.  
 Wyt wie har jûpe en borduerd, garneare  
 rûnom de kraach, oan foar- en efterside  
 binnen en bûten, mei gitswarte side.
- 55 It sierlint fan har wite mûtse wie

fan't selde soarte as har krage hie.  
 De brede siden holbân siet har heech.  
 En hja hie wis in wif, wyldsinnich eech.  
 Hja loek har beide brauwen tige smel.  
 60 Dy bôgen swart as toarnbeitûken del.  
 Hja wie jît folle sill'ger byld en dream  
 as 't nije bloeisel fan de parrebeam,  
 sêfter as wol is fan in raam, sa tear.  
 En oan har gurdle hong in pong fan lear,  
 65 mei koopren knopen, siden kwasten sierd.  
 Al siket men rûnom, op hiel dizz' ierd  
 is der gjin man sa tûk, dy't ea betocht  
 sa'n fleurich okkebyld, sa'n faam fol nocht.  
 De gloede fan har kleur wie folle swider  
 70 \* as yn De Munt, nijsmeid, in gouden rider.  
 En as hja gong, koe hja lûd tiereliere  
 sa't swellen, sittend op in skuorre, swiere.  
 Ek koe hja derten djoei' en dideldeintsje  
 as efter d' âlde mem in keal of geitsje.  
 75 Har mûle wie sa swiet as wyn of mea,  
 of appels yn 'e gielgoerd' yn it hea.  
 Skrillich wie hja, sa't trinten fôle docht.  
 Slank as in mêst en as in pylk sa rjocht.  
 Har lege kraach hie hja in spjelde op,  
 80 in brosjje, breed as op in skyld de knop.  
 Heech om 'e skonken fytte hja de skuon.  
 Hja wie in titelroas, in huningblom  
 foar elke hear om yn syn bêd te lizzen,  
 of goede húsman, ivich trou te sizzen.  
 85 No hear, en jitrís hear, 't kaam sa te wei,  
 dat moaie Nykle rekke op in dei  
 mei dat jongwiif oan 't djoeien fan komsa,

\* en wilens wie har man nei Osney ta.  
 Fyn ynlein en slûchslim is elk studint,  
 90 en stikem grypte hy har by de print,  
 en sei: "Wannear't ik net myn sin krij, lea,  
 dan gean ik fan ferhoalen leafde dea."  
 Hy hie har stevich by de billen fette,  
 en sei: "Leaf, krûp my oan, fuortdaliks, herte,  
 95 of ik sil stjerre, sa wier God my rêd'!"  
 En hja sprong as in fôl' op fjouw'ren set.  
 De holle wraamde hja der hastich út  
 en sei: "Ik wol net, nee, do krijst gjin tût!  
 Lit my dochs los, toe lit my Nikolaas,  
 100 om't ik oars "O! en 'Minsken, help my!' raas.  
 Fuort mei dyn hannen! Hâld fatsoen en sede!"  
 Mar Niklaas smeke sa har om genede,  
 prate sa moai en bea himsels sa bêst,  
 dat hja joech him de geunst fan leafd' op 't lêst,  
 105 \* en swarde by Sint Thomas Kent har ied,  
 hja wie ta syn foldwaan, al wat er hiet,  
 wannear't hja klear har kâns bespeure koe.  
 "Myn man sit sa fol oergeunst dat it soe,  
 asto net stikem bist en wach dêrta,  
 110 myn dea betsjutte sûnder mis," sei hja,  
 "Ticht as in pôt hjiroer, dat is de baas."  
 "Sit dêroer net yn noed," sei Nikolaas,  
 "want in studint soe min syn tiid ferbrûke,  
 koed er gjin timmerbaas in poat útlûke."  
 115 Sa hawwe hja akkoart' en sward elkoar,  
 en wachtsj' in tiid ôf, sa't ik sei hjirfoar.  
 Doe't Nikolaas alhiel de reap sa draaid hie,  
 en har omraken oer de heupen aaid hie,  
 tut' er har swiet en naam syn lute blij

120 en spile feardich mannige meldij.  
 No barde 't sa, dat nei de parochysjerke,  
 dat Kristus' eigen wurken hja dêr wurke,  
 gyng dit goed wyfke hinn' op in hjeldei.  
 Har foarholle blonk helder as de dei,  
 125 sa wied er wosken, doe't hja liet har wurk.  
 No hie dy tsjerke in parochyklerk  
 dy't op 'e namme lei fan Absalom.  
 Krol wie syn hier en 't like goud sa't glom.  
 It sprate as de waaier breed en wiid;  
 130 streekrjocht en effen lei it naadsje bliid.  
 \* Reafallich 't antlit, griis as gies syn eagen,  
 \* wylst tsjerkefinsters op syn skuon útseagen.  
 Yn reade hoazzen rûn er kein en kwier.  
 Hy wie hiel kwikker klaaid, mei swide swier,  
 135 en kibich yn syn himelsblau koart jak;  
 de trinten trinzen sieten kreas te plak.  
 Hy hie in fleurich oerklaad dêroerhinne,  
 sa wyt as blossems oan de twigen binne.  
 In floatich feint – sa wier rêd' my de Heare!  
 140 Ierlitte koed er skoan en knipp' en skeare,  
 en meitsj' in akte of kontrakt fan hieren,  
 en tripkj' en dûnsje op in snies manieren,  
 \* sa't doe de Oxford-skoalle joech te springen,  
 en mei de skonken hinn' en wer te swingen.  
 145 Hy spile lieten op in lytse fidel,  
 soms song er dêrta lûd en heech in ridel.  
 Hy spil' op in gitaar allike rêd.  
 Gjin weardshûs en gjin kroech yn hiel de stêd  
 dêr't in oansjitske float mar taapster wie,  
 150 dy't hy net mei syn noch en will' oandie.  
 Mar, earlik sein, hy wie in kromke fiis

fan fiizjen; keken yn it praat en wiis.  
 't Wie Absalom, sa fleurich op 'e trie,  
 dy't op hjeldei mei 't wijreekfet rûngie,  
 155 de froulju fan parochy ticht berûsde  
 en mannich loddrich loaits op harren strûsde.  
 Benammen om dit timmerwiif hy sribbe.  
 Har oan te sjen tocht him in hearlik libben:  
 hja wie sa himmel, swiet en gleon en prûs,  
 160 dat ik wol sizze doar: wie hja in mûs  
 en hy in kat, hy griep har daliks: bom!  
 Dizze parochyklerk, biis Absalom,  
 hie yn syn herte sok in leafdeslangst,  
 dat fan in wyfke freg' er gjin ûntfangst.  
 165 Hy woe neat ha út hoflikheid, ferteld' er.  
 De moanne skynde yn de nacht hiel helder,  
 doe't Abs'lom syn gitaar naam, dy skarlún.  
 Op frijersfuotten tocht er op 'e strún.  
 Hy flintre fleurich fuort, grien by de rûs.  
 170 Sa kaam er by dy timmerman syn hûs,  
 koart nei't de hoanne kraaid hie, op it stee,  
 en makke 'm by in skoattelfinster ree,  
 dat yn 'e timmerman syn muorre glimke.  
 Dêr song er mei syn eale, fine stimke:  
 175 *“O leave joffer, as 't Jo wille sij,  
 ik bid it Jo, ûntfermje Jo oer mij”*,  
 goed akkordearjend mei't getarespyljen.  
 De timmerman waard wekker, hearde 'm lyljen,  
 spriek ta syn wiif en sei fuort út 'e slom:  
 180 *“Toe Aaltsje, ju, hearsto net Absalom,  
 Dy't ûnder ús sliepkeamersmuorre sjongt?”*  
 As antwurd oan har oare helte klonk 't:  
*“Jawis, God wit, Jan, 'k hear it allegearre!”*

Sa fart dit fuort; wat woll' Jo fierder hearre?  
 185 En dei oan dei frijt joalig' Absalom  
 Har sa, dat muoilik tiist er der mei om,  
 leit wekker hiel de nacht en hiel de dei,  
 hy kjimt syn lokken tsjok, makket him fraai,  
 hy frijt troch tuskenman en boadskiprinner;  
 190 hy swart, hy wurdt har eigen feint en tsjinner,  
 hy sjongt en tsjottert as in nachtegeal,  
 hy stjoert har krûdwyn, mea en krûdbier eal,  
 en, gleonhjit út 'e gloede waffels, pofkes,  
 en om't hja út 'e stêd is, jout er dofkes.  
 195 Guon folk wurdt ommers wûn mei rike jeften,  
 en guon mei streakjen guon mei nomme/nomm'le trêften.  
 Soms, om syn feardich masterskip te toanen,  
 \* spil' er Herodes op toaniel en troane.  
 Wat jout it him lykwols yn dit gefal?  
 200 Mei moaie Nikolaas is Aaltsje mâl;  
 hoe't Absalom ek hoarnet as in bok,  
 foar al syn wrotten krijt er neat as flok.  
 Sa makket hja fan Absalom har aapke,  
 en al syn earnest ferkeart hja ta in grapke.  
 205 Hoe wier dat sprekward, sûnder ligen sein.  
 Men seit mei rjocht altyd: "*Hein fyn ynlein  
 makket de fiere leave sear en soer.*"  
 Want al is Absalom ek mâl en poer,  
 Om't er fier fan har each, har nea net sjocht,  
 210 dy heine Nikolaas siet him yn 't ljocht.  
 No, hâld dy goed, do moaie Nikolaas,  
 want Absalom mei skrieme fan "Eilaas".  
 Sa moat it op in sneon dan plak hân ha, –  
 de timmerman wie fuort, nei Osney ta –  
 215 dat moaie Nikolaas en Aaltsjegút

akkoarte ha en kamen ta 't beslút,  
 dat Nikolaas soe oer in list te set,  
 en set dy earm' oergeunst'ge man yn 't fet,  
 en as it spultsje goed en moai beslacht,  
 220 dan soe hja sliepe yn syn earms dy nacht,  
 want dat wie syn begear en harres ek.  
 En fuortynienen, sûnder mear gesprek,  
 woe Nikolaas net langer drom' en drôgje,  
 mar moast hiel sûntsjes yn syn keamer tôgje  
 225 iten en drinken foar in dei of twa,  
 en foar har man moast hja it praatsje ha,  
 as hy nei Niklaas frege om beskied,  
 te sizzen dat hja net wist wêr't er siet,  
 en dat hja him net sjoen hie hiel dy dei,  
 230 hja miende, hy wie siik en hie it wei,  
 om't mei gjin skreau de faam him roppe koe,  
 en hy gjin antwurd, hoegenamt, jaan woe.  
 Dat gyng sa oan dy hiele saterdei,  
 wylst Nikolaas stil op syn keamer lei,  
 235 en iet en sliept' of die al wat him lêste,  
 oant sneins let, doe't de sinne gong te rêsten.  
 De brave timmerman, ferbouwerearre,  
 Socht Niklaas en wat krupsje him mankearre,  
 en sei: "By Sinte Thomas, ik haw noed,  
 240 it is mei Nikolaas alhiel net goed.  
 Mei God ferhoedzje dat er hastich stjert! –  
 De wrâld is no hiel wif op skammels set:  
 ik seach hjoed jit in lyk yn tsjerke bringen,  
 dat lêsten moandeis stiif noch loek de stringen.  
 245 "Gean hinne!" seid er tsjin syn feint mei-ien:  
 "Rop oan syn doar of stomp mar mei in stien.  
 Sjoch hoe't it sit en sis it my plan-út!"

De tsjinstfeint bonkle plomp rislút derút,  
 en wylst er oan 'e keamerdoar dêr stie,  
 250 balt' er en bûke oft er stapel wie:  
 "Wat dogg' Jo dêre, Master Nikolai?  
 Hoe kinn' Jo sliepe hiel de lange dei?"  
 Mar 't wie omdôch; hy hearde net in wurd.  
 Hy fûn in gat hiel ûnderoan yn 't skut,  
 255 it wenstige krûpyntsje fan de kat;  
 sa seach er djip de hiele boel troch 't gat,  
 en op it lêst – dêr hied er him yn 't eech ...  
 Sjoch, Niklaas stoarre aloan rjocht omheech,  
 as hied er de nijmoanne yn 'e kiker.  
 260 Nei ûndren/ûnd'ren stood, seid er syn master siker  
 fuort yn wat steat hy wol dat hearskip fûn.  
 De timmerman te krúskjen him begûn,  
 \* en sei: "O help ús, Sinte Frideswide!  
 In mins wit skraach wat him oerfalt bytiden.  
 265 Dy man is mei syn stjerrekikerij  
 yn dûme dwylsin rekk' of lijerij.  
 Ik hie altyd wol tocht hoe't soks beslaan sil.  
 Men moat net witte wat Gods heimnis dwaan sil.  
 Ja, seinge is in man sljocht ûnbeleard,  
 270 dy't inkeld mar syn leauwe hat, oars neat.  
 Sa gong 't in oar studint yn 't stjerrekijkjen:  
 hy rûn yn 't fjild de stjerren te bemykrjen;  
 beskôgje wat der barre soe, wie 't doel,  
 oant er ynienen yn in kûle foel;  
 275 \* dy seach er net. Mar by Sint Thomas froed,  
 ik sit oer moaie Niklaas slim yn noed.  
 No krijt er kibjen foar syn stúdzjesin,  
 by Jezus Himelkening, as ik kin!  
 Jou my in stôk, dan sil ik ûnder driuwe,

280 wilens moatst do, Robyn, de doar optriuwe.  
 Hy krijt syn nocht fan stúdzje, wol ik ha!"  
 En op 'e keamerdoar stoep Jan wyls ta.  
 Syn grutfeint wie in keardel sterk as ien,  
 en méi de skoattel raamde er mei-ien,  
 285 de doar derút, dy't op 'e flier fuort foel.  
 En Nikolaas siet stil noch as in stoel;  
 jit altyd gapp' er yn 'e loft omhegen.  
 De timmerman tocht, Niklaas wie ferwezen,  
 en griep him by de skouders, stiif en stoer,  
 290 En skodde 'm heftich en hy skreaude poer:  
 "Niklaas/Nik'laas! Sjoch del! Hâld op mei kikerijen!  
 Wurd wekker no en tink oan Kristus' lijen!  
 'k Bekrúskje dy tsjin elf en elk tsjoed wêzen."  
 \* Doe seid er daalk it nachtlik tsjoenbelêzen  
 295 by alle fjouwer siden fan it hûs  
 en op 'e drompel fan de doar fan 't hûs:  
 "O Jezus Kristus en Sint Benediktus,  
 hoedzje dit hûs, dat gjin kweageast ferskrikt ús,  
 nachtlke wriggerts, wite Paternoster!  
 300 \* Wêrhinne bistu gien? Sint Piter's soster?  
 Op 't lêst begûn de moaie Nikolaas  
 muoilik te suchtsjen, en hy sei: "Eilaas!  
 Giet alle wrâld ferlern mei koarten/meikoarten no?  
 De timmerman dy andre: "Wat seisto?  
 305 Do moatst oan God, lykas wy bidders, tinke!"  
 En Niklaas andre: "Helje my wat drinken,  
 dan wol ik ûnder fjouwer eagen sprekke  
 oer eat dat my en dy allinne rekket.  
 Ik wol it nimmen oars fertelle, hear!"  
 310 Nei ûndren gong de timmerman, kaam wer,  
 en brocht skerp bier, in mingel of trij'kwart.

Nei't elk fan harren dronken hoe syn part,  
 hat Nikolaas syn doar stiif skoattl' en sletten  
 en doe de timmerman deun neist him setten.  
 315 Hy sei: "Myn leave bêste Jan, myn hear,  
 do moatst hjir swarre op dyn wurd fan ear,  
 datst oan gjin ien dit plan ferriede silst,  
 want dit is Kristus' riedsplan, en ik sis 't:  
 Ast dit oan ien fertelste, bist ferlern,  
 320 foar soks is wiswier dy de wraak beskern;  
 ast my ferriedst, dan wurdste sljocht en tsjoed."  
 "Kristus ferhoedzje 't en Syn hillich bloed!",  
 sei doe dy brave man: "'k Doch net oan rabb'ljen.  
 Al sis ik 't sels, ik mei net oer sok babb'ljen.  
 325 Sis, watsto wolst, ik sil it nea fertelle  
 \* oan bern noch wiif, by Him dy't teach te helle!"  
 "Wel, Jan", sei Nykle, "'k liich net, 'k sis it dy:  
 ik haw it fûn yn myn astrology;  
 ik skôge yn it heldre moanneljacht  
 330 dat nije wike moandei, om fearnsnacht,  
 dan falt in rein en wol sa wyld en tsjoed,  
 dat sels net heal as grut wie Noachs floed.  
 Yn skraach in oere is de wrâld oerstjalpe,  
 alhiel fersûpt, sa skriklik sil it gjalpe.  
 335 't Minskdome ferdrinkt sa en ferliest it libben."  
 De timmerman sei: "Och, myn wiif en sibben!  
 Ferdrinkt *hja* ek? Och, nee, myn Aaltsje net!"  
 Hy foel dêrfan hast efteroer fan smert,  
 kriet: "Is der gjin remeedzj' yn dit gefal?"  
 340 "By God!" sei moaie Niklaas, "wrachtich al,  
 ast wurkje wolste neffens lear en ried.  
 Do meist net dwaan wat eigen sin gebiedt.  
 Want sa seit Salomo, rjocht te betrouwen,

"Doch 't al mei rie, en 't sil dy nea net rouwe."  
 345 En asto wolst, giest op goerie te seil;  
 dan stean 'k dy boarch: sels sûnder mêst of seil,  
 rêd ik har dochs en dy en my, dat 's wis.  
 Hasto net heard hoe't Noach rêden is,  
 doe't foartiid al ús Hear him moanne hie,  
 350 dat alle wrâld yn wetter ûndergie?"  
 "Ja," sei de timmerman, "hiel lang ferlyn.  
 "Hasto", sei Nikolaas, "ek heard meiskyn  
 fan Noachs soarch mei 't selskip dat mei soe,  
 \* ear't er syn wiif yn d' arke krije koe?"  
 355 Op dat stuit hie, dat doar ik garandeare,  
 't him leaver west as al syn swarte wearen,  
 as hja in skip hie foar harsels allinne.  
 En witsto wat wy dêrom 't bêst dwaan kinne?  
 Dit ferget haast; by dingen dy't jin driuwe,  
 360 moat men net preekj' of mal' en dralen bliuwe.  
 Fuort! helj' ús gau yn hûs foar dizze dobbe  
 in bakkerstrôch of oars in platte tobbe  
 foar elts fan ús, mits dy sa grut mar binne  
 dat wy, as yn in skûte, driuwe kinne  
 365 en dêryn ek genôch te iten ha  
 foar ien dei inkeld; restjes bin ik ba.  
 It wetter sil wer sakje en wurdt wei  
 om njoggen oere moarns de oare dei.  
 Robyn, dyn feint, mei hjir gjin weet fan ha,  
 370 ek Jel, dyn faam kin it net rêde sa.  
 Sis net: wêrom?; want al hoe't jim my fregen,  
 'k wol net fertelle fan Gods heimge wegen.  
 Genôch is 't dy – oars mealde it dy tige –  
 en krij sa'n grutte geunst as Noach krige.  
 375 Dyn wiif sil ik wol rêde – twiivlje net.

Gean no dyn gong en fuort hjiroer te set.  
 Asto foar har en dy en my mei hast  
 dy trije bakkerstobben helle hast,  
 dan moatst se hingje ûnder 't dak hiel heech,  
 380 sadat gjin ien ús foarsoarch krijt yn 't eech.  
 En asto krechtsa dien hast as ik sei,  
 en hast ús iten kreas dêryn dellei,  
 en ek in aks' om 't tou te slaan midstwa.  
 dat wy, as 't wetter komt, de romte ha,  
 385 en hast heech yn 'e gevel makk' in gat  
 dêr oan 'e túnkant, oer de stâl, sadat  
 wy farfuort hawwe en ús farwei frij is,  
 wannear't de grutte tongergoat foarbij is,  
 dan dobberst like bliid, meitsj' ik my sterk  
 390 as elke wite ein efter har jerk.  
 Dan rop ik: "Aal, Jan, 't rint ús net út 't roer!  
 Wat fleurich op! De floed is daliks oer."  
 En do seist: "Eala master Nikolai.  
 Goemoarn! Ik sjoch dy wol, want 't is al dei."  
 395 Dan binne wy de hearen hiel ús libben,  
 fan hiel de wrâld, lyk Noach, wiif en sibben.  
 Foar ien ding lykwols moanj' ik dy mei macht:  
 Hâld wol goed yn 't fizier dat yn dy nacht,  
 as w' ienkear oan it board fan 't skip gien binne,  
 400 sil gjint fan ús in sprek mear sizze kinne,  
 gjin rop noch skreau, mar wêze yn gebed,  
 want dat is wier Gods eigen djoere wet.  
 Dyn wiif en do moatt' hingje fier apart,  
 sadat der tusken jim gjin sûnde bart,  
 405 mei loaitsjen likemin as mei de died.  
 't Befel is sein. Gean. Dat God mei dy giet!  
 Moarnnacht as ider leit yn sliep en drôgen,

dan sill' wy krûpe yn ús bakkerstrôgen,  
 en sitte dêr en biidzje Gods genede.  
 410 Gean no dyn gong; 'k ha langer tiid noch rede,  
 en meitsje dat de saak no avenseart.  
 Men seit dochs: "*Stjoer de wize, sis mar neat.*"  
 Do bist sa wiis; 'k hoech dy net te bepreekjen.  
 Gean, rêd ús libben; dat woe ik dy smeeke."  
 415 De froede timmerman gyng fuort op wei;  
 wylst er hiel faak: "Eilaas! Och Heare!" sei,  
 fertroud' er oan syn wiif syn heimnis/heim'nis ta.  
 Mar hja wie wach; better as hij wist hjá  
 wat al dy poppekast wol sizze woe.  
 420 Lykwols hja bearde dat hja stjerre soe,  
 en sei: "Gean fuort dyn gong; eilaas! och hea,  
 help ús t' ûntkommen of wy binne dea!  
 Ik bin dyn trouwe, earbre, wiere frou.  
 Kom leave man, help; rêd ús libben, gau!"  
 425 O, sjoch hoe'n grut ding alteraasje is!  
 men kin 't fan fantasy bestjerre, wis,  
 sa djip yn 't moed taast d' yndruk en bliuwt kleevjen.  
 De froede timmerman begûn te beevjen.  
 Him tochte wrychtich dat er op it stee  
 430 seach Noachs floed oanwâljen as de see  
 om Aaltsjelea, syn huningblom, te drinzen.  
 Hy skriemt en gûlt, is tryst fan toet en tinzen,  
 sucht mannich drôve sucht dy't stik' yn 't krop,  
 giet hinn' en hellet him in baktrôch op,  
 435 dêrnei in tobbe en in platte tyn'  
 en stikem brocht er dy syn wente yn,  
 en hong se oan it dak op, sûnder hearders.  
 Mei eigen hannen makk' er trije ljedders,  
 ta 't klimmen lâns de triemen en de kanten

440 op nei de tobben, hingjend oan de spanten,  
 en fuorre beide, trôch en tobbe, kloek  
 mei brea en tsiis en goed bier yn in krûk,  
 foldwaande ris en dis foar krekt ien dei.  
 Mar eardat er foltôge dat karwei,  
 445 stjoerd' er syn feint en faam sûnder poeha,  
 omdat it nedich wie, nei Londen ta.  
 En op dy moandei –'t loek al nei de nacht –  
 sleat er syn doar of sûnder kearseljacht,  
 en makke alle ding sa't hearde, ree.  
 450 Koartsein, hja kladden alle trije' op 't stee  
 en sieten stil in set, by'noarren wei.  
 "No Pater Noster/Paternoster, sst!" sei Nikolai,  
 en "Sst!" sei Jan en "Sst!" sei Aaltsjelea.  
 Ynmoedich seit de timmerman syn bea.  
 455 Dan sit er stil en bidt wer syn gebed  
 en wachtet ôf oft er it reinen heart.  
 De têde sliep fanwegen wurchsum bodzjen  
 liet grif de timmerman fuort fall' yn dodzjen  
 tsjin fjoerberekkenstiid of efkes letter.  
 460 Troch d' arbeid fan syn geast kroand' er fan smerte;  
 hy snoarke om't syn holl' ûnnoflik lei.  
 En by de ljedder del sloep Nikolai;  
 ek Aly gloep nei ûndren, sêft en rêd.  
 Hja gyngen sûnder wurden mear op bêd.  
 465 En dêr't de timmerman syn lisplak wier,  
 dêr wie mâlfarjen no en feestplezier.  
 Sa leinen Aal en Nikolaas in hoartsje,  
 drok beuzich mei har nocht en wille-boartsjen,  
 \* oant dat de Lauden-klok begûn syn klang,  
 470 en fraters yn it koarein harren sang.  
 Parochyklerk fereale Absalom

tiist nei syn leafde aloan treurich om.  
 Hy wie dy moandei krekt nei Osney rekke,  
 dêr't er mei maten biz' en him fermakke.  
 475 By tafal frege hy in kleasterman  
 Alhiel temûk nei Jan de timmerman.  
 En dy loek him apart wei út 'e tsjerke  
 en sei: "Ik wit net; 'k seach him hjir net werken  
 sûnt sneon; hy is op wei gien as ik 't goed ha,  
 480 om timmerhout; ús abt sil him wol stjoerd ha.  
 Want hy is wend om hout te gean en sa,  
 en bliuwt yn 't Nôthús dan in dei of twa.  
 Oars is er yn syn eigen hûs, jawisse.  
 Nee, wêr't er is, kin 'k net mei krektens sizze."  
 485 En Absalom wie bliid; stil tocht er: "Wacht!"  
 No is it tiid en wekje hiel de nacht.  
 Want siker, 'k ha him net mear sjoen yn 't spier en  
 omspanen om 'e doar sûnt deilemieren.  
 Sa wier ik tier, by't hoannekraaien sil 'k  
 490 hiel stikem op syn finster jaan in tik,  
 dat leech yn syn sliepkeamersmuorre stiet.  
 No sil ik Aal alhiel fertell' yndied  
 myn leafdeslangst: sachts mist my net de winst,  
 dat 'k har in lytskert jaan sil op syn minst.  
 495 De ien' of oare treast sil 'k, deale, ha.  
 Myn mûle jokket hiel de dei al sa,  
 teken dat wiist op tútsjen op syn minst.  
 Ek dreamd' ik hiel de nacht, 'k wie op in feest.  
 En dêrom sil ik sliep' in oer' of twa.  
 500 en hiel de nacht dan wekj' en wille ha."  
 Doe't d' earste hoanne kraaid hie, riisde rêd  
 dy fleurge frijer Absalom fan't bêd  
 en klaaide 'm kwier; it stie der by foar top.



Hy kôge earst op kalmus en op drop  
 505 om swiet te rûken, ear't er kjimde 't hier.  
 \* Under syn tonge lei er minnewier,  
 want dêrmei waard er nei syn sin sa prûs.  
 Hy swalke nei de timmerman syn hûs.  
 510 Stil stied er ûnder 't finster yn 'e weech –  
 it rikte mar ta 't boarst; it siet sa leech –  
 en súntsjes kicht' er mei healmûlich lûd:  
 “Wat dochsto leave Aly, huningtoet?  
 Myn moaie swel, myn swiete pypkaniel,  
 wurd wekker, praat mei my, myn hert en siel!  
 515 Hoe'n bytsje tinkst oer myn fertriet fan 't minnen,  
 ik dy't fan leafd' om dy swit ûnder 't rinnen.  
 Gjin wûnder is 't dochs dat ik swit en swymje,  
 ik dy't as laam nei memke' oeren hymje.  
 Wier lea, ik ha sa'n leafdeslangst en fjoer,  
 520 dat 'k as in toartel trou myn langst útkoer.  
 'k Kin net mear iten as in famke ha.”  
 “By't finster wei; do Jolle sûch”, sei hja.  
 “Sa wier as God my helpt, do krijst gjin *tútsje!*  
 'k Hâld fan in oar – oars wie 'k in sipeltrutsje –  
 525 méár as fan dy; by Jezus, Absalom!  
 Gean fuort hjirwei, oars slacht in stien dy stom;  
 en lit my sliepe, duvel noch oan ta!”  
 “Eilaas!” sei Absalom, “och Heare, wa  
 traktearre wiere leafde ea sa min?  
 530 Tútsje my dan, as 't oars net lije kin.  
 Om Jezus' leafde en dyn leafd' yn mij.”  
 “Silsto dan wier dyn wegen gean?” sei sij.  
 “Jawisse leave”, sei doe Absalom.  
 “Meitsje dy klear dan,” sei hja, “want ik kom!”  
 535 Tsjin Nikolaas sei stil dy lytse gút:

“No koest, dan skuorsto dy de bûsen út!”  
 En Absalom gyng op 'e knibbels sitten  
 en sei: “Ik bin in hear yn alle mjitten.  
 Want hjirnei komt der, hoopje ik, noch mear.  
 540 Kom skat, dyn geunst, en swiete swel, dyn ear.”  
 Hja iepene it rût mei avensaasje.  
 “Oandonderje,” sei hja, “kom, meitsje faasje!  
 Oars krij' ús buorlju dy noch yn 'e smiis!”  
 De feint fage syn mûle droech as riis.  
 545 De nacht wie swart as pik, as koal sa swart,  
 en ta it finster út stiek hja har gat.  
 En Absalom – 't lot woe dat 't sa betearde –  
 mar mei syn mûle tute er har bleate  
 hiel smakelik. Doe krige er belul.  
 550 Hy skrok tebek, tocht: “Luzen hat dit spul!”  
 Hy wist wol dat in frou gjin burdhier droech.  
 Hy field' in ding, langjierrich en hiel rûch,  
 en sei: “Fij! wat ha 'k dien? Och hea noch ta!”  
 “*Piba!*” sei hja, en klapte 't finster ta.  
 555 En Absalom gong fuort en drôf dêrwei.  
 “In burd, in burd!” sei moaie Nikolai.  
 By Kristus' korpus, dit giet goed en skoan!”  
 De brave Absalom heard' alles oan,  
 en op 'e lippen biet er him rebels.  
 560 “Ik sil dy lykslaan!” sei er by himsels.  
 Wa wriuwet no en wa rost him no de lippen  
 mei túch, mei sân, mei strie, mei doek, mei tippen,  
 as Absalom, dy't hiel faak seit: “Alla!  
 Myn siel betrou ik no oan Satan ta,  
 565 mar 't wie my leaver as de hiele stêd,”  
 sei hy, “en wreek om dizze hún my sêd.  
 “Och,” seid er, “hie 'k mar net ferblinde west!”

Syn hjitte leafde wie no kâld en dwêst,  
 want sûnt de tiid dat er har poepert tute,  
 570 maald' er om lellebellen net in sprute.  
 No wied er fan syn sykt' alhiel genêzen,  
 fan slet en skeuk begûn er fij te wêzen.  
 En as in bern dat slein is, gûld' er fel.  
 Mei trage trêd rûn er de strjitte del  
 575 op nei in smid dy 't fan hear Germen hjitte  
 en ploegers ridskip smeide yn syn smidte.  
 Hy skerpe ploegemês en koeter skoan.  
 Dêr kloppe Absalom hiel hânsum oan,  
 en sei: "Doch iepen, Germen, daliks, kom."  
 580 "Wat, wa bisto?" "Ik bin it, Absalom!"  
 "Hea, Absalom! By Kristus' swiete krús,  
 wêrom sa ier op paad? Hear, *seingje* ús!  
 Wat skeelt der oan? God wit, in fleurich faam  
 hat dy grif yn 'e dollejoarum naam!  
 585 \* Ja, by Sint Neot, do witst wol wat ik mien!  
 Mar Absalom joech syn grap gjin bien,  
 en argewearre net in wurd dêrtsjin.  
 Hy hier noch mear flaaks stean op syn gespin  
 as Germen wist, en sei: "Myn leave freon,  
 590 hjir yn 'e skoarstien stiet in koeter, gleon.  
 Ik moat dêrmei oan 't wurk; toe, lien it my.  
 Ik sil 't hiel gau werombringe by dy."  
 En Germen andre: "Al wie 't goud, wis jonge,  
 ûntelbere ryksdaalders yn in ponge,  
 595 do soest it ha, sa wier stean ik foar smid.  
 Mar Kristus' fij'n! Wat wolste krekt mei dit?"  
 "Lit dat", sei Absalom, "sa wêz' as 't mei.  
 Ik sil 't dy wol fertelle moarn de dei!"  
 En by de kâlde stâle krig'er 't koeter,

600 en slûpte hiel sêft troch de doar nei bûten,  
 en gyng nei't hûs ta fan de timmerman.  
 Hy himd' en brimde earst, en kloppe dan  
 op 't finster oan, krekt sa't er earst dien hat.  
 En Aaltsje joech ta andert: "Wa is dat,  
 605 dy't dêr sa kloppet? 'k Wik, it is in tsjeaf!"  
 "Wel nee!" sei hy, "God wit, myn swiete leaf,  
 ik bin dyn Absalom, myn goudne faam.  
 Ik haw in ring fan goud foar dy meinaam,  
 dy't mem my joech – sa wier rêd' my de Heare!  
 610 Hy 's tige moai en dêrta goed graveare.  
 Dy jou ik dy, hasto in tút te misjen."  
 Wel, Nykle wie derôf gien om te pisjen  
 en tocht de grap noch moaier op te snolkjen!  
 hy moast sún kont ék tútsje fóár 't ferswalkjen!  
 615 En mei't er hastich iependie it rût,  
 stiek er syn stompe ein der stikem út,  
 de beide broadsjes oan it krús wol ta.  
 Doe spriek klerk Absalom moai glaaien sá:  
 "Sprek, leave fûgeltsje, 'k wit net wêr'tst bist  
 620 En Nikolaas liet fuort in fikse fyst,  
 sa swier, it koe in tongerslach wol skine,  
 dat troch de slach wie d' oar omtrint ferblinde,  
 mar hy stie ree mei 't gleone mês en hoarte  
 krekt Nikolaas moai middenyn de poarte.  
 625 Ringsom in hânbree wie it fel ôfraand,  
 sa hie it koeter him de kont ferbaarnd,  
 dat fan de smerte, miend' er, gong er dea.  
 As wied er sljocht skreaud' er fan pin' en wea:  
 "Help! Wetter! *Wetter!* Help, om Gods wil, kom!"  
 630 De timmerman skrok boppe út syn slom,  
 en heard' ien "*Wetter!*" skreauwen as in mâlen,

en tocht: “Och, no komt Noachs floed oanwâljen!”  
 En gyng oerein sûnder in wurd of sa,  
 en mei syn akse sloech er ’t tou midstwa.  
 635 *Del dond’re ’t hiele spul!* Noch brea noch bier  
 hied er te keap; hy lâne op ’t plankier,  
 bats! op ’e flier dêr’t er beswime lei.  
 Op sprongen Aaltsjeleaf en Nikolai  
 en ha op strjitte moart’ en: “Help ús!” beard.  
 640 En al it buorfolk, beide lyts en grut,  
 rûn yn om dy man te begnuven dy’t  
 jit yn de sûs dêr lei, ynbleek en wyt,  
 want mei de fal briek er syn earm tekwea,  
 mar hy moast stean syn part fan eigen skea,  
 645 want as er prate koe, dan bêden tel  
 de moaie Nikolaas en Aal him del.  
 Hja seinen elk, dat hy wie gek, ferheard;  
 hy wie troch Noachs floed sa slim beneard,  
 dat troch ferbylding ta waanwizens brocht,  
 650 hied er him trije bakkerstrôgen kocht,  
 en dêrboppe oan it dak ophongen,  
 en har om Gods geunst bidden en betongen,  
 yn ’t dak te sitten om selskip te krijen.  
 It folk moast laitsje om syn fantasijen.  
 655 Hja gnúfden yn it dak, hja kiken, gappen,  
 beskôgen al syn skea as sleauwe grappen,  
 want wat de timmerman ek steech ornearre,  
 ’t wie om ’e nocht; gjint woe syn rede hearre.  
 Mei grutte eden waard er sa besward,  
 660 en hiel de stêd hold him foar gek, omdat  
 stoef elke learde fêsthold d’ eigen ein.  
 “Dy man is gek, myn leave broer”, waard sein.  
 En elkenien moast laitsj’ om dat gekiif.

Sa’n bline nearing dreau dat timmerwiif,  
 665 en Jan is om syn noed en oergeunst strûpt,  
 en Abs’lom hat har ûnderein oankrûpt,  
 en Nikolaas is skroeid yn hiel syn stút.  
 God hoedzj’ al ’t selskip! – dit ferhaal is út.

*Noaten by ‘It teltsje fan de mûnder’*

- 22 *Almagest*, Arabyske namme foar Ptoleméus syn standertwurk oer stjerrekunde.  
 Hjir in hânboek foar astrology.  
 24 *Rekkenstiennen*, ark brûkt foar wiskundige berekkenings.  
 30 *Angelus ad Virginem*, in Latynske hymne op it boadskip fan de ingel oan Maria,  
 annuntiatio.  
 31 *Kening Willems wize (the Kynges Noote)*; it is net wis hokfoar kening hjir  
 bedoeld is. Yn de ‘Complaint of Scotland’ (1549) komt in liet foar, neamd *King  
 William’s Note*.  
 41 *Cato* = Dionysius Cato, de ûnderstelde skriuwer fan in samling Latynske  
 spreuken (3de of 4de ieu) oer in braaf gedrach.  
 88 *Osney*, plak by Oxford.  
 105 *Sint Thomas Kent* = Thomas à Becket. De ferneamde biskop fan Canterbury,  
 dy’t martler waard († 1170).  
 132 *tsjerkefinsters* (Poules window), yn it lear fan syn skuon wiene patroanen  
 útsnien dy’t lieken op ’e finsters fan de St. Paulus katedraal.  
 198 *spil’ er Heroades*; Heroades wie in kerbústige ropper en razer yn ’e midsieuske  
 toanielstikken.  
 263 *Sinte Frideswide*; dizze hillige hie in priorij (manljuskleaster) te Oxford wijd.  
 294 *it nachtluk tsjoenbelêzen* is fan foarm omtrint like tsjuster as de ynhâld; it berêst  
 op in soarte beswarring fan spoeken.  
 326 *Him dy’t teach te Helle*; Kristus dy’t nei ûnderen de hel yn gong.  
 354 *ear’t er syn wiif yn d’ arke krije koe*; yn ’e midsieuske toanielstikken oer de  
 Floed wie steefêst it komike ynsidint dat Noach syn wiif pas mei lijen yn ’e arke  
 krije koe. Hy moast har slepe.  
 469 *de Laudan* (lofsangen); de twadde misse songen nei de nokturnen, it wie dan  
 noch skimermoarn, fôar ’t earste hoannekraaien.  
 506 *minnewier* (‘trewelove’ = wiere leafde); blêden fan it *fjouwerblêd*  
 (‘Paris quadrifolia’), dy’t groeiden yn ’e foarm fan in leafdesknotte.  
 585 *Ja, by Sint Neot*; Sint Neot, in tinkbyldige hillige.